

NIJSBRIEF

Mienskiplike útjefte fan

IT FRYSK BOUN OM UTENS & SELSKIP FOAR FRYSCHE TÆL EN SKRIFTEKENNISSE

nûmer 21
septimber 2006

YNHALD

Adresferoarigen	2
Redaksje	2
Kalinder Boun	2
Foarwurd fan de foarsitter fan it Selskip	3
Wurklisten 2006/2007 fan de kriteren fan it Selskip	4
Wurklisten 2006/2007 fan de kriteren fan it Boun	6
Ferslach Dielgearkomste Noardwest	9
Ferslach Dielgearkomste Noardeast	9
Ferslach Dielgearkomste West	10
Oer Tryater	11
Wat docht it IFAT	12
Algemeine Gearkomste fan it Boun	13
Nije nijsgjirrige publikaasjes	14
Kaderwykein fan it Boun	15

ADRES FEROARINGEN

Inkele saken yn de Ynformaasjemap 2006 binne feroare of wienen net goed.

Krite Amersfoart, Anja Bakker-Kroes, e-mail is wurden: akroes@planet.nl

Krite Arnhem, Obe Postma, telefoannûmer moat wêze: 026 36 15 565

Krite Flaardingen, skriuwer R. Broersma, Columbiastraat 13, 3207 NE Spijkenisse,
0181 61 59 42

Krite Haarlim, Rennie Visser, e-mailadres is wurden: rennie.visser-bijlsma@planet.nl

REDAKSJE

Einredaksje

Samler foar It Boun

Samler foar It Selskip

Lykele Aardema, l.aardema@planet.nl, 0317 42 42 18

Hâns Weijer

Kees Kuipers

KALINDER BOUN

freed en sneon 13 en 14 oktober 2006 **Kaderwykein** yn Fredeshiem yn Stienwyk

kinne

De namme is wat ferkeard: ek leden bûten de bestjoeren

meidwaan. Opjaan by Afke Bergstra 070 38 66 475),
sjoch programma op side 15

sneon 25 novimber 2006

AG/Jiergearkomste fan it Boun

Leden bûten de bestjoeren binne ek wolkom,
sjoch programma op side 13

jannewaris 2007

Ynfoljen Fragelist fan it Boun

maart 2007

Utkommen fan de Ynformaasjemap 2007



Fan de foarsitter fan it “ALD SELSKIP “

Op 16 augustus 2000 binne de frou en ik fan Soest ferhúze nei Easterwâlde. Wat tichter by de bern en pake- en beppesizzers. De oare deis, midden yn de doazen en oare rommel stie de âld foarsitter fan it Boun, Stoffel Haagsma, mei in blomke foar de doar. (Hy en ik sieten as foarsitter en skriuwer yn it bestjoer fan de krite Hilversum). Syn earste fraach wie:”Hawwe jimme wol goed om jim hinne sjoen?”. Mei oare wurden: wat dogge jimme yn de goedichheid yn de Stellingwerven. De meast Frysksinnige Fries, Stoffel Haagsma, koe him dat net yntinke. Mar dat falt ta. Wy ferbrekke ús hjir net en der hat noch nea ien sein:”Ik versta u niet”.

Oan de oare kant kinne jo dit ek sjen as in soarte fan opdracht. Hâns Dijk hat yn it foarige foarwurd syn soarch útsprutsen oer it ledetal fan de kriteren, mar ek in opdracht meijûn.

Wy binne hjir lid fan de krite Easterwâlde mei in aktyf bestjoer, dat besiket der wat fan te meitsjen en út te dragen. En dat slagget goed. It ôfrûne jier krigen wy 18 nije leden by de 170 besteande.

Us foargongers hoege harren dus net yn it grêf om te draaien. Dy moatte wy lykwols mar mei rêst litte, want as ús foarâlders sjen soenen hoe't it der tsjintwurdich op dit ierdske útneait, dan koe it dêr ûnder de grûn wol ris in hiel gedraai wurde. En dat hoecht net. Sy hawwe harren bêst dien en wy steane der no foar.

Yn harren tiid wie de situaasje noch slimmer as no. Yn de earste helte fan de 19^e ieu waard by de hegerein Frânsk praat, by de middenstân Hollânsk en by de boeren en it ‘klootjesfolk’ Frysk, dat hielendal drigen wei te wurden. Dêrom hawwe doe yn 1844 trije man de koppen byinoar stutsen en it Selskip oprjochte, dat nei 160 jier noch bestiet en aktyf is en ûnder oaren. elts jier oan no al mear as 12.000 bern in wike lang yn it Frysk foarlêst.

Om't wy witte, dat wy alles net allinnich oprêde kinne, is, mei op oandrang fan it Selskip, oerliz geande mei ferskate oare Fryske organisaasjes yn Fryslân om ús nei bûten ta, bygelyks Ryk en Provinsje, mear as ien stim heare te litten. De Provinsje hat it ûnderwiis fan ús twadde Rykstaal ferplicht steld. Deputearre Bertus Mulder set him dêr o sa foar yn. Dat sil grif helpe no't de Europeeske Kommisje sein hat, dat Nederlân te min docht foar it Frysk.

No't Bertus Mulder ek noch troch de E.K. beneamd is as rapporteur fan de minderheidstalen, hat er ek noch in stok om te slaan. Mar dochs sil it fan ûnder ôf komme moatte. Want salang der masters en juffers foar de klasse stean dy't der neat foar fiele of it sels net prate, is it lyk as wetterterskjen.

Mar wy sette troch. Dat binne wy oan ús foarâlden ferplichte, sa as in kûplet fan ús folksliet seit:

Trochloftich folk fan dizze âlde namme
Bliuw jimmer op dyn âlders great
Bliuw ieuwich fan de hege grize stamme
In grien en krêftich bloeiend leat.

Sjouke Kramer

WURKLISTEN FAN DE KRITEN FAN IT SELSKIP YN 2006/2007

septimber

- 8 Easterwâlde Reiske nei East-Fryslân
19 De Lemmer Algemiene ledegearkomste mei kine en ferlotting

oktober 2006

- 13 Drachten Jiergearkomste en Wobbe Atsma, dy lêst foar út eigen wurk
13 Hearrenfean Kabaret fan Ale Buma en Rennie Visser en
muzyk fan Jan Balt en Andries Kramer
20 Easterwâlde Lezing fan F. Zwaan út Lioessens oer De fiskersdoarpen oan de
Waadsee mei ljochtbylden
31 De Lemmer Kofjejûn mei in sprekker en kine

novimber

- 1 Trynwâlden Jiergearkomste mei kulturele jûn oer skiednis fan klean en tsien froulju
oan de piano
3 Ljouwert Jiergearkomste mei de Flinters mei Sûpenbrij en Kaviaar
16 Easterwâlde Toaniel Teater mei Lette Ropping
21 Heareenfean Lêzing fan Piet Veenstra oer Iisfermaak troch de ieuwen hinne
26 Drachten Dylan yn it Frysk mei sjonger Ernst Langhout en beglieder Johan Keus

desimber

- 1... De Lemmer Toaniel Teater mei Lette Ropping
10 Trynwâlden Kofjemoarn mei kabaret troch Noordenbos & Co

jannewaris 2007

- ?? Trynwâlden Toanieljûn mei dûnsjen
5 Hearrenfean Nijjiersresepsje en Stampotbuffet mei ferdivedaasje troch Pyt Herrema
en Gjalt de Jong
13 Drachten Bloaskapel De Zeum'huuster mei eigen muzyk-repertoire
13 Easterwâlde Nijjiersbesite en mei Typstra & Co út Bitgum oer Tseardsje by de doarren
lâns
19 Ljouwert Kabaret of toanieljûn

febrewaris

- ?? De Lemmer Literêre jûn yn oparbeidzjen mei bibleteek en plattelânsfroulju
?? Easterwâlde Boekewike jûn yn gearwurking mei de bibleteek
?? Ljouwert Literêre jûn yn'e mande mei de bibleteek
?? Trynwâlden Literêre jûn yn'e mande mei de bibleteek
9 Ljouwert Bennie Huisman & Douwe Kootstra
16 Hearrenfean Toanieljûn

maart

?? De Lemmer Toanieljûn yn oparbeidzjen mei it Nutsdepartemint
?? Trynwâlden Twadde kofjemoarn mei klassike muzyk of folksmuzyk
9 Ljouwert Toanieljûn
21..Hearrenfean Kofjemoarn mei bydragen fan Hindrik van der Meer
24 Drachten Slotjûn toaniel en dûnsjen op de muzyk fan de Hen3ko's
24 Easterwâlde Toanieljûn me dûnsjen nei

april

3 De Lemmer Kofjejûn mei in sprekker en ferlotting
12 Hearrenfean Algemiene ledegearkomste mei ynlieder F. Zwaan oer De goede
âlde tiid, fan petroaljestel oant televyzje
27..Easterwâlde Ite fan Fryske grûn en der tusken troch komme alle punten fan
de jiergearkomste oan bar

maaie

?? Trynwâlden Ekskurzje

WURKLISTEN FAN DE KRITEN FAN IT BOUN YN 2006/2007

Gjin opjefte krigen fan de Krite Flaardingen en de Krite Oss hat gjin wurklist makke.

Septimber 2006

2	Bussum	Skûtsjesilen
5	Ynskedee	Kritereiske
9	Hilversum	Kultuer- en Frijetiidsmarke
21	Bussum	Jiergearkomste mei bydragen fan eigen leden
21	Wageningen	Jiergearkomste mei dhr Mol oer de Friezen en Krústochten
22	Boadegraven	Jiergearkomste mei bôletafel
22	De Haach	Ledegearkomste en foarôf Adrie Warmenhoven, direkteur fan it Keninklik Eise Eisinga Planetarium
30	Súdeast Drinte	Anke springt yn'e bûtenhaven troch it Kritetoaniel fan Seist/Utert

Oktober 2006

6	Assen	Ledegearkomste mei Henk de Haan
6	Hilversum	Anke springt yn'e bûtenhaven troch it Kritetoaniel fan Seist/Utert
7	Hurderwyk	Teake van der Meer en Gryt Wiersma
12	Bussum	Filmmiddei mei Rolling Home en Klaasje Postma
13	Beverwyk	Anke springt yn'e bûtenhaven troch it Kritetoaniel fan Utert/Seist
14	Utert	De Finale mei Ale Buma en Rennie Visser
16	Lelystêd	Jiergearkomste
18	Seist	Jiergearkomste
20	Leien	Mr Anita Andriesen, listlûker PvdA oer de polityk yn Fryslân
21	Boadegraven	De Spesjaliteit van it Hûs fan de eigen toanielgroep
27	Bussum	Wekker wurde fan Teatergroep Mem!
27	De Haach	Ekskurzje nei it Schevenings Museum yn De Haach
28	Amersfoart	De Spesjaliteit fan it Hûs, toaniel fan de Krite Boadegraven
28	Apeldoorn	Grouster Toaniel mei Mosken en Swannen
28	Swol	Programma noch net bekend

Novimber 2006

2	Arnhem	(Bûtengewoane) Ledegearkomste
3	Seist	It fjouwerspan fan Jarich en Tetman
4	Wageningen	De Finale mei Ale Buma en Rennie Visser
10	Haarlim	De Finale mei Ale Bum en Rennie Visser
11	Arnhem	Troch Amerika op fyts en klompen fan Mous-Bangma
11	Bussum	Boekebus mei Fryske boeken
11	Dimter	De Spesjaliteit fan it Hûs, toaniel fan de Krite Boadegraven
11	Meppel	Bennie Huisman en Corinne Staal mei Nim it libben lichter

17	Leien	De Finale mei Ale Buma en Rennie Visser
----	-------	---

18 De Haach	Boekebus op it Plein yn De Haach
23 Bussum	Paul Noomen oer Staten en Stinzen
24 Assen	Eigen kritetoaniel mei Boerebûnt en reade lampen
24 Beverwyk	Programma noch net bekend
24 Hilversum	Mosken en Swannen, toaniel fan it Kritetoaniel Grou
24 Utert	Durk van der Ploeg, skriuwer
25 Hurderwyk	Toanieljun
25 Lelystêd	Toanieljun De Bokkesprongen fan de Pein

Desimber 2006

2 Ynskedee	De Spesjaliteit fan it Hûs, toaniel fan de Krite Bodegraven
9 De Haach	Toanieljûn
9 Swol	Programma noch net bekend
15 Leien	Film De Dream of de Gouden Swipe

Jannewaris 2007

5 Utert	Nijjiersbesite
6 Amersfoort	Nijjiersbesite mei Ale Buma en Rennie Visser
6 Bussum	Nijjierskofjetafel
6 Hurderwyk	Nijjierswinskjen en ledegearkomste
7 De Haach	Nijjiersbesite by de kritefoarsitter yn Ryswyk
12 Apeldoarn	Nijjiersbesite
12 Beverwyk	Frysk jûnsiten, jiergearkomste en kienen
12 Hilversum	De Finale, kabaret fan Rennie Visser en Ale Buma
12 Seist	Nijjiersbesite
13 Boadegraven	Kabaret Wiltsje fan Paesens
13 Dimter	Nijjiersbesite mei Age Veldboom oer skûtsjesilen en frachtskippen
13 Lelystêd	Nijjiersbesite
17 Lelystêd	Kabaret
19 Assen	Klienkeunster Karst Berkenbosch
19 De Haach	Nieuwefriezen.nl: inburgeringsgids voor Hollanders, in boek fan Marja Boonstra fan de Ljouwerter Krante
19 Haarlim	Noch net bekend
19 Leien	Dr Kuiper oer de gewoane minsken yn de Franse tiid yn Fryslân
20 Meppel	Gesellich programma
20 Wageningen	Nijjiersgearkomste mei Wiltsje fan Paesens
25 Ynskedee	Jiergearkomste
27 Swol	Kabaret Rink Rank

Febrewaris 2007

1 Bussum	Skûtsjeskiednis mei muzyk troch 'Gjalt de Jong en Piet Herrema
3 Apeldoarn	Grutte jûn
10 Amersfoort	Muzykjûn
10 Hurderwyk	Kabaret
16 De Haach	Dielstoanieljûn yn Leiderdorp
16 Hilversum	Toaniel of kabaret
16 Leien	Grutte toanieljûn
17 Súdeast Drinte	Lietsjes fan Tetman de Vries troch it Fjouwerspan út Lemmer
18 Wageningen	Tsjerketsjinst yn de Vrededorsttsjerke
23 Assen	Ferhaleferteller Mindert Wijnstra

23 Beverwyk De Finale fan Ale Buma en Rennie Visser
24 Utert Grutte toanieljûn
25 De Haach Fryske tsjerketsjinst

Maart 2007

?? Ynskedee Toaniel of kabaret
3 Apeldoarn Grutte jûn
10 Dimter Lietsjes fan Tetman de Vries troch it Fjouwerspan út de Lemmer
10 Wageningen It Huzumer Toaniel
15 Bussum Lêzing oer Bildtse skiednis troch Aldert Cuperus
16 Leien Dr Jaap Osinga oer Histoaryske en oare nuvere aardichheden
17 Hurderwyk Toaniel
17 Meppel Toaniel
17 Swol Programma noch net bekend
17 Utert/Seist Mienskiplike jûn
18 Hilversum Fryske tsjerketsjinst
23 Haarlim Noch net bekend
23 Hilversum Toaniel of kabaret
24 Amersfoart Simmerdepresje, toaniel fan Froukje Anema troch eigen ploech
24 Lelystêd Toaniel
25 Boadegraven Tsjerketsjinst mei ds F. Tempel
30 Assen Kabaretgroep Griene Sjippe
31 De Haach It Fjouwerspan út de Lemmer sjongt fan Tetman en Jarich

April 2007

?? Boadegraven Noch net bekend
18 Dimter Jiergearkomste mei breamiel
20 Leien Jiergearkomste en ferdivedaasje
27 De Haach Slútjûn mei rinnend buffet, sjongen en fierdere ferdivedaasje
30 Bussum Keninginnedei-bradery

Maaie 2007

12 Wageningen Ekskurzje

DIEL NOARDWEST

In koart ferslach fan Rennie Visser.

De gearkomste fan Diel 1 is hâlden op 4 april 2006.

Oanwêzich: Kritten Amsterdam, Beverwyk, Den Helder en Haarlim.

Ofwêzich mei berjocht: Krite Hoarn.

De jûn wurdt om 20.15 oere iepene troch de foarsitter fan de krite Beverwyk, de hear Klaas Pols.

Hy hjit alle oanwêzigen wolkom en seit dat it spitich is dat de krite Hoarn der net by is.

Dêrnei wurdt trochgien mei it ôfwurkjen fan de wurklist. By it agindapunt “meidielingen en ynkommen stikken” en by it agindapunt “ferslach fan de gearkomste fan 5 april 2005” wurde wat op/oanmerkings en oanfollingen makke.

Fierder is der in brief útgien fan de krite Beverwyk nei de oare kritten fan Diel 1 oer it nut fan dizze gearkomste. Oer dizze brief wurdt troch elkenien wiidweidich praat. Oan’ e ein fan it petear fynt in mearderheid fan de kritten dat dizze gearkomste tenei wol troch gean moat. Der wurdt ôfpraat:

- 1) om op in sintraal punt de gearkomste te hâlden (by de skriuwster fan de krite Haarlim oan hûs yn Groot Schermer),
- 2) eltse krite sil foarôfgeand oan de gearkomste agindapunten oandrage wêr’t oer praat wurde kin/moat,
- 3) it agindapunt data foar it kommende winterskoft en it winterskoft dêrnei komt werom op de agenda.

By it agindapunt “ferslach oer it ôfrûne winterskoft” krijt eltse krite de gelegenheid om te neamen wat foar jûnen der west binne, wa’t de jûnen fersoarge hat, ensafierder.

Nei it skoft is it wurd oan de fertsjintwurdiger fan it FboU. Hja bringt de folgjende ûnderwerpen yn it omtinken:

- 1) de algemiene gearkomste op 25 novimber 2006 yn Lelystêd,
- 2) toanielkriich 2005-2006,
- 3) toanielploegen dy’t it kommende winterskoft spylje (foar safier bekend),
- 4) toanieldei op 30 septimber 2006,
- 5) kaderwykein op 13 en 14 oktober 2006,
- 6) webside fan it Boun www.fryskbutenfryslan.nl .

Dêrnei folget de rûnfraach.

De datum foar de folgjende gearkomste wurdt fêstlein: 3 april 2007. Krite Haarlim fersoarget dizze jûn.

Om 23.00 oere slút Klaas Pols de gearkomste. Hy betanket eltsenien foar syn/har komst en foar syn/har ynbring en winsket eltsenien wol thús.

DIEL NOARDEAST

Koart ferslach fan de gearkomste op 24 april 2006. Diel Noardeast bestiet út Bernlef/Grins en de kritten Assen, Meppel, Roan, Súdeast- Drinte en Swol.

Allinnich fan de kritten Assen, Meppel en Swol binne fertsjintwurdigers oanwêzich. Súdeast-Drinte is troch in misferstân net oanwêzich mar hat wol skriftlik reagearre.

Assen sa’n 350 leden, Meppel hat rûn de 120, Súdeast- Drinte sa’n 280 en Swol sa’n 320 leden.

De oanwêzigen rinne earst harren wintersprogramma’s by lâns.

Assen hat in wiidweidich programma en fersoarget soms ek mei eigen krêften in foarstelling. In programma-ûnderdiel mei Pieter Wilkens en Douwe Kootstra foel goed yn de smaak by de jongere leden, mar net sa by de âlderen. De ynlage is € 8 de man/frou en sa nedich wurdt in tagongspriis frege. Ien kear yn de twa jier wurdt in ekskurzje hâlden, bygelyks in boattocht. Der dogge dan sa'n 120 persoanen oan mei.

Meppel hat yn it winterskoft twa toaniel/kabaretjûnen, in nijjiersgearkomst mei breamiel en in ledegearkomste mei sprekker. By de toanieljûnen in ferlotting en dûnsjen efternei (de lêste kear mei de Jaffro's). De ynlage is € 16 de man/frou en de jûnen binne fierder frij, wat noch mooglik is troch in finansjele meifaller.

Swol hat in opkomst fan sa'n 200 oant 250 leden. De ynlage is € 30 en sa nedich wurdt der by betelle. De kosten binne heech omdat gebrûk makke wurdt fan de skouboarch Odeon. Yn de hjerst wurdt in busreis nei Fryslân organisearre.

Súdeast Drinte hat yn it winterskoft 5 jûnen, wêrfan de AG yn april mei in lêzing. Yn it kommende winterskoft stean op it programma Anke springt yn de bûtenhaven, ferskes en sketskes fan Tetman en Jarich de Vries. Der moat dus noch wat mear ynfold wurde. It bestjoer hat wol in kear as acht fuort west om wat geskikts te finen foar de jûnen. In sintraal punt mei alle ynformaasje (oardiel, priis, betingsten) soe derom tige wolkom wêze. It soe ek goed wêze as wy ien line lûke wat de tagongsbetingsten binne foar bestjoersleden fan it Boun en de Krite, útsein harren partners. Utstel: hja ha frije tagong, mar beheind ta 2 fan in Krite. Leden fan in oare Krite betelje deselde tagongspriis as hja de lidmaatskipskaart sjen litte. Oandacht wurdt frege foar it kommende kaderwykein yn Fredeshiem, dat ek foar net-bestjoersleden tagonklik is.

De Krite Jan fan 'e Gaestmar út Stienwyk wurdt wol útnoege foar de dielsfergadering, mar hja komme net omdat se net lid fan it Boun binne. Folgjende kear in beslút nimme oer it wol of net wer útnoegjen.

Besletten wurdt om de folgjende gearkomste te ha op 23 april 2007 om 14.00 oere by de krite Assen.

DIEL WEST

In koart ferslach fan Afke Bergstra

Diel West beslacht noch fjouwer Krite: Boadegraven, Flaardingen, De Haach en Leien.

Op de dielsbestjoeren-gearkomste fan 26 oktober 2005 waard foaral weromsjoen op de mienskiplike toanieljûn yn Voorburg op 2 april 2005, dêr't it Grouster toanielselskip de moderne relaasjekomeedzje "Fûgels" foar it fuotljocht brocht. De seal fan 110 taskôgers reagearre entûsjast. De koaren fan de krite fan Boadegraven en De Haach songen foarôf mienskiplik in tal lieten. Doardt is te lyts wurden mei 33 leden boppe de santich jier om langer bestean bliuwe te kinnen. Spitich, mar it is net oars. In wurd fan tank oan foarsitter Sake Oevering, dy't de karre noch in skoft lutsen hat nei it ferfarren fan Hein Sterk nei Fryslân ta.

Der waard weromsjoen op de tige slagge jubileumjûn (60 jier) fan de krite "Fier fan Hûs" fan Boadegraven mei de alderlêste foarstelling "Makkumer slaat Workumer" fan Rients Gratama

en Peter Sijbenga op 10 maart 2006. Dêr wie in seal fol folk. De oare krite wienen net hâlden om by dit djoere programma in beskaat tal besikers te garandearjen. Oan bar om no wer in toanieljûn te fersoargjen is de krite "Fryslân" fan Leiden. Leien jout de foarkar oan in eigen toanieljûn (dus sûnder garânsjes fan de oare krite) mei de winsk dat Boadegraven, Flaardingen en De Haach har bêst dogge om sa folle mooglik minsken nei Leien ta te krijen. Dat waard tasein. De datum fan dy jûn stiet al fêst : 16 febrewaris 2007, it toanielstik noch net.

Fierders wurde yn alle gearkomsten altyd de winterskoftprogramma's fan de krite besprutsen en de data op elkoar ôfstimd. It lêste nijs wie dat de skriuwer fan de krite fan Leiden, Ekke Atsma, in opfolger krigen hat yn de persoan fan frou K. Grijpma-Tinga. Dat is in lokwinsk wurdich. Oar nijs wie dat boekferkeaper Arjen Brouwer fan de Haachske krite "Rjucht en Sljucht" ek wol nei de jûnen fan oare Diel West krite ta giet om syn waar oan 'e man te bringen. Bounsnijis wie dat der dit jier wer in kaderwykein hâlden wurdt.

OER TRYATER

Der hat in flink petear west tusken It Boun en Tryater. De oanlieding wie dat Tryater net sa maklik spylje wol bûten Fryslân en benammen net by Krite.

Tryater hat ferskate arguminten foar syn belied. Tryater is in profesjoneel bedriuw wurden yn koarte tiid mei mear as 700 foarstellingen yn 2005 mei yn totaal 60.000 besikers. It hat 25 minsken yn fêste tsjinst. Tryater moat yn it koart sein, goed tinke om de sinten en de stikken mei harren spilers moatte sa kompakt mooglik pland wurde yn tiid en harren prioriteit leit yn Fryslân. Hja stelle fansels ek easken oan de seal en toaniel.

Boppedat wol Tryater it leafst spylje foar in publyk dat komt om it toaniel. Krite hâlde yn syn eagen gearkomsten dêr't it giet om yn in Fryske omjouwing mei-inoarren te wêzen. Tryater spilet wol yn it Frysk, mar de besikers moat it gean om it toaniel sels.

Tryater kent útsûnderingen, want hja spylje yn Kanada mei de produksje Rolling Home. Dat is fansels in hiele opstekker en it kin finansjeel krekt út.

Us foarsitter en skriuwer fan it Boun ha as beslút fan de diskusje it folgjende antwurd jûn:

Bovensmilde, 30 maart 2006

Achte direksje,

Nei oanlieding fan it petear dat de foarsitter en de skriuwer fan It Frysk Boun om Utens op 7 jannewaris 11. han hawwe mei de saaklik direkteur fan jo bedriuw, de hear van der Knaap, en jo reaksje dêrop mei it brief fan it haad marketing, docht it ús goed te fernimmen, dat Tryater - al is it dan yn útsûnderingsgefallen - ree is te spyljen foar de krite om utens.

Dat by sa'n útfiering de klam lizze moat op de leafde foar it toaniel en net op in gesellich gearkommen fan de kriteleden, binne wy it folslein mei iens. Yn it ferline ha ús krite it ek altiten bysûnder op priis steld, dat in selskip as Tryater ree wie harren te skewielen mei in útfiering op it nivo fan beropsteater, in nivo dat ús leden, benammen yn it útgongslibben bûten Fryslân, wend binne.

Yn foarkommende gefallen sille wy, en de by ús Boun oansletten kriterien, dan ek graach - as in foar ús leden akseptabel stik brocht wurdt - in berop dwaan op jimme selskip.

Promoasje fan it Frysk en de Fryske kultuer - en dat jildt fansels ek foar it Frysk toaniel - bûten Fryslân rekkenje wy no ienris ta ús doel stellings.

*Mei freonlike groetnis,
Hans Dijk foarsitter en Hans Weijer, skriuwer*

WAT DOCHT IT IFAT

Neffens de dêrfan opmakke stiftingsakte is de "Stifting It Frysk Amateur Toaniel", tenei neamd IFAT, oprjochte op 24 july 1953 troch 3 Frysktalige organisaasjes, te witten:

- a. Boun Fryske Toanielselskippen *)
 - b. Frysk Boun om Utens
 - c. Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse fan 1844
- *) It BFT is yn 2001 opgien yn STAF en is no "Doelgroep BFT selskippen" - dg BFT

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs. De wurkfjilden fan IFAT lizze oer hiel Nederlân ferspraat.

IFAT omfettet sa'n 170 toanielferienings / kriterien en in 30 jongerein toanielgroepen mei mear as 10.000 aktive toanielspilars /kriteleden en jierliks mear as 100.000 besikers by Frysktalige útfierings (boarne enkête BFT). IFAT is in frijwilligersorganisaasje sûnder betelle overhead.

IFAT is de lânlike organisaasje foar Frysktalich amateurtoaniel mei lânlike subsydzje; IFAT kriget fanôf 1953 lânlike subsydzje: sûnt 2002 yn it kader fan de Bestjoersôfspraak "Friese Taal en Cultuur".

IFAT stiet foar it:

fuortsterkjen fan, oansetten jaan ta, befoarderje fan, partisipearje yn en kwalitatyf stypjen fan aktiviteiten fan de trije boppesteande organisaasjes en harren leden.

Gearfetsjend

IFAT ferfolgt in sosjaal maatskiplike funksje, in sosjaal-kulturele funksje, mar benammen in taal befoarderjende funksje, nammentlik it befoarderjen fan de twadde erkende Rykstaal yn Nederlân: it Frysk.

AG FAN IT BOUN

op sneon 25 novimber 2006 yn "De Meeuwenhoeve",
Meeuwenweg 28, 8218 NE Lelystêd
(earst goed op de kaart sjen wêr de Meeuwenweg leit !!!)

Programma yn it koart:

- 10.00 oere Untfangst troch gastkrite Sékrite Flevolân
WOLKOMSTWURD fan foarsitter Albert Postma fan de Sékrite Flevolân
- 11.00. 1. Iepenjen AG gearkomste troch foarsitter Hans Dijk fan it Boun
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de 82ste AG yn Bussum
4. Jierferslach fan skriuwer
6. Finânsjes Boun
---jierrekken 2005
---ferslach fan rekkenopnimmers
---goedkarren fan de jierrekken
---kosten Algemiene Gearkomste
---begutting 2006
---beneaming nije rekkenopnimmers
7. Finânsjes Sintrale Boekeferkeap (SBF)
---jierrekken 2005
---ferslach fan rekkenopnimmers
---goedkarren fan de jierrekken
---beneaming nije rekkenopnimmers
8. Planning Algemiene Gearkomste yn 2007, 2008 en 2009
- 13.00 SKOFT
- 14.00 OPTREDEN FAN SJONGKOAR LELYSTED (bestiet 30 jier)
- 14.30 Fierdergean fan de AG
9. Ofskied fan ôfgeande en ferkiezing nije bestjoersleden
10. Projekt Skiedskriuwing Friezen om utens
11. Kaderwykein 13 en 14 oktober 2006
12. Friezedei 2008
13. Omrop Fryslân
14. Promoasje Boun
15. Kursussen Frysk om utens
16. Nijsfoarsjenning nei de Krite ta
17. Wat noch fierder op it aljemint komt
18. Omfreegjen
- 16.30 19. Sluten fan de 83ste Algemiene Gearkomste
- 17.30 BREAMIEL-BUFFET
- 20.00 Jûnsprogramma mei toaniel fan it selskip "Violeria" fan de Pein mei it stik
"Bokkesprongen" yn De Roef yn Lelystêd.

Alle leden fan de Bounskrite kinne meidwaan oan de Algemiene Gearkomste en kinne ek *fergees* meidwaan oan it jûnsprogramma dat hâlden wurdt yn DE ROEF yn LELYSTED. It breamiel-buffet kostet € 14,75 de man/frou. Jo kinne dat betelje op rekkennûmer 3481.13.889 op namme fan de Penningmeester Fryske Krite yn Lelystad. Betelje **foar** 10 novimber 2006 !!! Beteljen = opjaan.

NIJE NIJSGJIRIGE PUBLIKAASJES

Leervorderingen in het Friese basisonderwijs

van E.C.M. van Ruijven

Onderzoek naar het onderwijsniveau en de leervorderingen van de leerlingen in het Fries basisonderwijs.

In ûndersyk nei de effektiviteit fan it Fryske basisûnderwiis. Learlingen yn groep 4 prestearje mei taal en rekkenjen boppe it lanlike gemiddelde en yn groep 7 bliuwt dat krekt efter op it lanlik byld.

Fryske Akademy, Ljouwert 2006. ISBN-10: 90 6171006 5/ISBN-13 978 90 6171 006 6, 180 siden, priis € 17,50 en foar leden en stipers fan de Fryske Akademy € 16,00

De vereniging op survival,

overlevingsstrategieën voor hedendaagse verenigingen van Marike Kuperus

Dalende ledenaantallen, vergrijzende afdelingen, weinig animo van vrijwilligers, weinig doorstroming in besturen. Een beeld dat de Fryske Kriteen ook kennen. Het is tijd om te bewegen.

Verdampen of verrijzen ? In de komende 10 jaar zal een flink aantal verenigingen het einde van hun stretchzone bereiken en langzaam verdampen of imploderen of met een fikse crisis uit hun as herrijzen.

Een boek waarin verenigingen aanknopingspunten kunnen vinden voor het bereiken van een nieuwe toekomst.

CIVIQ. 2005. 232 blz. ISBN 90-72934-35-0, priis € 35,00.

TSJINSTBOEK

In útjefte fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst (YFKE).

Dit Tsjinstboek kin brûkt wurde yn tsjerketsjinsten en oare byienkomsten likegoed as foar húslike/persoanlike doelen. Foar tsjerkerieden en foargongers ûnmisber, mar ek bedoeld foar in gruttere kring.

ISBN 90 239 18967, NUR 709, Uitg Boekencentrum BV yn Zoetermeer, priis 25,00

Zolang de wind van de wolken waait

Geschiedenis van de Friese literatuur onder redactie van

Teake Oppewal, Babs Gezelle Meerburg, Jelle Krol en Tineke Steenmeijer-Wielenga

Het is geschreven voor mensen die geïnteresseerd zijn in literatuur en die min of meer bekend zijn met de ontwikkeling van de Friese letterkunde. Een chronologisch ordening met ook aandacht voor de schrijvers zelf. Voorzien van vele foto's en afbeelding. Gaat ook over kinderboeken, over grote (toneel)schrijvers, films en dat allemaal uit en over het land waar altijd de wind van de wolken waait, het gras groeit en de boom bloeit, zoals een oud-Friese spreuk zegt. *Redakteur: In prachtich boek !*

©2006 Tresoar, Uitgeverij Bert Bakker, ISBN 90 351 3017 0, priis € 45,00.

KADERWYKEIN

It Kaderwykein wurdt hâlden op freed 13 en sneon 14 oktober 2006 yn Fredeshiem by Stienwyk. Al 32 minsken ha har opjûn en dat betsjut in grutte opkomst, mar der kinne noch mear by !

In koart oersjoch fan wat allegearre op it aljemint komt:

14.30 oere, freedtemiddei

It Krante-argyf

Eddy van der Noord fan de Ljouwerter Krante sil in nijsgjirrige presintaasje jaan oer it Krante-argyf (fan 1752 oant no ta). Hja binne oan de gong mei it digitalisearjen derfan en dat betsjut dat dit Fryske kulturele erfgoed s ûntsluten en tagonklik wurdt. Dat betsjut ek dat de Napoleontyske tiid meinommen wurdt. It totaal beslacht likernôch 800.000 krantesiden.

Freedtejûn

De takomst fan ús toanielploegen

Klaas Wielinga, âld-programmamakker by Omrop Fryslân, sil ús helpe by it útfinen hoe de takomst fan ús toanielrepertoire en toanielploegen der út sjen kin.

Freedtejûn nei ôfrin

In noflike neisit foar it sliepen gear.

09.00 oere, sneontemoarn

De takomst fan ús Krite en it Boun

Durk Hibma, direkteur Útjouwerij 't Fryske Boek, sil ús besinne litte oer ús bestean. Moatte wy sa troch gear as wy dogge of moat it roer om ? Hoe kinne wy de fergrizing ombûge ? Binne wy oan it ein fan de stretchzone en geane wy ferdampen of wurde wy in Phoenix, dy't út syn jiske prûstich omheech komt ?

Sneontemiddei

De skiednis fan de Krite en fan it Boun fêstlizze

Kerst Huisman, histoarikus en skriuwer, sil ús helpe om ús tinzen en ideeën foarm te jaan. Der binne ferskate mooglikheden.

TUSKENTROCH

De Friezedei 2008 moat ek noch foarm krije ?

OPJAAN

Elts lid fan de Bounskrite kin meidwaan oan it Kaderwykein. Jo kinne jo noch opjaan by Afke Bergstra 070-38 66 475. De kosten binne € 70 foar de twa dagen ynklusyf iten en sliepen (!!!) en € 35 foar ien dei.

It jild kin oermakke wurde op in rekken fan It Frysk Boun om Utens yn Dalfsen: postbanknûmer 32 00 77 of Frieslandbanknûmer 29 80 23 857.